

## **SPEECH (Frysk)**

Bêste minsken thús, achte leden fan Provinsjale Steaten...

Dizze Steateseal yn it provinsjehûs yn Ljouwert, it hûs fan Fryslân, is leech en stil. En dat is ûnwennich. Want dizze seal is it hert fan de Fryske demokrasy. En dêr heart it fansels te brûzjen fan aktiviteit. Mar dat is no net sa troch de coronakrisis.

Fanwege 75 jier befrijing fan Fryslân hiene wy in moai programma gearstald. Mei de besite fan de minister fan Ynlânske Saken en ambassadeurs fan de lannen dy't ús befrijd hawwe.

En, fansels, de manlju dy't 75 jier lyn oan ús befrijing meiholpen hawwe. Sy binne der hjoed ek net by. Se soene earegast wêze.

Therefore i would like to speak a few words in English. To you abroad in Canada, the United Kingdom, and Belgium. Everyone in Fryslân is very gratefull that 75 years ago you were here to liberate us. It is very sad that you cannot visit us today. I'm sure to speak on behalf of every one in Fryslân; thank you very much. All the best wishes also for you and your families!

It bin rare tiden.

De wrâld sit op slot troch corona. Sûnt fjouwer wike moatte wy litte wat de minske ta minske makket; it sosjale kontakt, wat ien

sa graach fan natuere docht. Inoar moetsje, inoar oanreitsje, inoar leafhawwe... It firus soarget foar slachtoffers en driuwt minsken en groepen útinoar.

Op dit plak past it om elkenien sterkte te winskjen dy't te krijen hat mei de gefolgen fan corona. Mooglik hawwe jo in neiste ferlern, kinne jo net op besite by jo heit of mem yn in fersoargingstehûs of kinne de bernsbarn net nei pake en beppe ta... en minsken dy't harren saak of baan faai stiet... fan dit plak ôf winskje ik jo alle sterkte ta!

It slaan fan in brêge tusken no en 75 jier lyn leit foar de hân, it is sels al in klisjee, de útdrukking: dat wy yn stee fan tsjin de besetter no fjochtsje tsjin in ûnsichtbere fijân, in firus.

Mar wy moatte oppasse mei ferlikings mei de oarloch. Fiif jier lang suchtsje ûnder in wrede besetter, dat giet ús foarstellingsfermogen te boppe. Ek no...

Past it om yn dizze tiid fan corona dizze dei te fieren, en de flagge út te hingjen? Ik bin fan betinken fan wol! Ek al libje we yn ûnwisse tiden mei rou.

De oarloch en de befriijing binne part fan ús identiteit. It hat de skiednis makke; polityk, maatskiplik, hoe't wy tsjin it libben en frijheid oansjogge. En it hat direkt en yndirekt generaasjes foarme.

Sûnder it ferline gjin takomst. Wy kinne noch altyd leare fan it tiidrek '40 – '45. Ferhalen út dy tiid reitsje universele wearden en lykje net oan krêft en betsjutting te ferliezen. Sterker noch! Se lykje krekt oan krêft te winnen. Ek al binne der hieltyd minder minsken dy't dy tiid sels meimakke hawwe.

Der lykje alle jierren wer nije ferhalen foar it ljocht te kommen... ek no noch lizze der op souders koffers fol fergetten ferhalen. En dy ferhalen jouwe nije betsjutting, ferdjipping en ek ynspiraasje.

Ferhalen meitsje de mienskip ta in mienskip. Guon fine dat net it fjoer of it tsjil de grutste útfining ea is fan it minskdom... mar ferhalen. Harkje nei ferhalen. Harkje ek nei de stim fan jo eigen frijheid. Ferhalen binne ek sterker as in firus. Alleast, se hâlde it langer fol....

It fieren fan de befrijing en it flagjen is in ferhaal dat we elkoar hieltyd wer fertelle moatte. Dat dogge we fansels op 4 en 5 maaie, mar ek hjoed.

Op dizze dei 75 jier lyn kamen de flaggen samar ynienen oeral foar 't ljocht; de minsken hiene se ferstoppe want se wiene ferbean fansels. It flagjen befoarderet mienskiipsfielen. It ferbynt ús en ús wûnen, en it jout treast en hope.

## YNSTART

De offers, dy't yn de twadde wrâldoarloch brocht binne, kinne en meie wy nea ferjitte...

Dêrom hawwe ús fiif deputearren fan de provinsje by oarlochsmonuminten ferspraat oer ús provinsje, blommen dellein.

Op plakken dy't foar harren persoanlik fan betsjutting binne.

Frou Poepjes, frou Fokkens, De Rouwe, Hoogland en Fokkinga.

Se giene nei monuminten, grut en lyts, yn doarpen en stêden dy't elk in eigen ferhaal fertelle...

Litte wy de befriijing fiere en tagelyk stilstean by de minsken dy't harren libben joegen foar jo en myn frijheid.

Soldaten, fersetsminsken en ûnskuldige boargers dy't foelen yn ús provinsje.

Ien fan dy monuminten is yn Appelskea. It earste Fryske doarp dat befrijd waard. Dat wie op 13 april 1945 troch de Kanadezen. Sy koene oprukke neidat in pear dagen earder Frânske parasjutisten lâne wiene efter de Dútske linys yn Eaststellingwerf. De Binnenlânske Striidkrêften spilen in krúsjale rol by de befriijing fan Fryslân. Nei it koadeboadskip fan Radio Oranje, "*de fles is leeg*" setten dy útein mei sabotaazje-aksjes om de Dútsers te hinderjen.

Spoar waard opblaasd, brêgen iependraaid, beammen omhelle om diken te blokkearjen en paadwizers fuort helle. Ek hâlden se wichtige brêgen en diken frij sadat de Kanadezen flot oprukke koene. Earst waard it gebied ûnder de Tsjonger befrijd. Dêrnei lutsen de alliearden fia Drachten en Dokkum nei Ljouwert.

Us haadstêd waard op 15 april berikt en deselde dei ek Snits. Flak dêrnei De Lemmer, Frjentsjer en Harns. De eilannen waarden earst yn maaie en yn juny befrijd. Mei Skiermûntseach as it lêste stikje Nederlân, dat wie earst op 11 juny. Dus in

moanne neidat yn hotel de Wereld yn Wageningen de kapitulaasje tekene wie!

By de befrijing fan Fryslân foelen 31 slachtoffers oan de kant fan de Binnenlânske Striidkrêften. Ferliken mei de rest fan it lân in heech tal. Dit ûntlokke in Kanadeeske befehwawer de opmerking dat Fryslân eins himsels befrijd hie.

Nei '45 wie de stelling fan de ynternasjonale mienskip: dit nea wer.

Mar it hat bliken dien dat oarloegen fan alle tiden binne...

Yn de jierren 90 wiene der op de Balkan op 'en nij konsintraasjekampen en wie der genoside op grûn fan etnisiteit.

Der is ûnderdrukking fan folken en der binne sels yn 'respektarre lannen' konsintraasjekampen.

Yn de wrâld is der noch hieltyd faksisme en antysemitisme.

En yn it nije Europa leit der yn lannen druk op de Europeeske wearden fan de rjochtssteat.

Hoesa, gjin werhelling?

Is dit it falen fan de ynternasjonale mienskip?

Bêste minsken, ik slút ôf...

It binne rare tiden.

Mar wy fiere yn Fryslân hjoed 75 jier frijheid. In ûngekende wielde! Wat meie wy tankber wêze dat wy libje yn sa'n ryk lân... en dan ek noch yn ús ynleave Fryslân.

Fanút persoanlik perspektyf bid en hoopje ik dat wy op dizze dei ek de befrijing fan ús eangsten belibje meie en dat wy ynkoarten wer fysyk moetsje meie yn Fryslân. De provinsje dy't ús bynt!

## **SPEECH (Nederlands)**

Beste mensen thuis, geachte leden van Provinciale Staten...

Deze Statenzaal in het provinciehuis in Leeuwarden, het huis fan Fryslân, is leeg en stil. En dat voelt onwennig. Want deze plek is het hart van de democratie, en daar hoort het natuurlijk te bruisen van activiteit. Maar dat is nu niet zo door de coronacrisis.

Vanwege 75 jaar bevrijding van Fryslân hadden we een mooi programma bedacht. De minister van Binnenlandse Zaken zou aanwezig zijn en ambassadeurs van de landen die ons bevrijd hebben.

En de mannen die 75 jaar geleden meehielpen aan onze bevrijding. Zij zouden eregast zijn.

Daarom richt ik nu graag een paar woorden tot u, in Canada, Engeland, en België. Fryslân is zeer dankbaar dat u 75 jaar geleden hebt gestreden voor onze vrijheid. Het is erg jammer dat u nu niet bij ons kunt zijn. Ik weet zeker dat ik namens alle Friezen spreek wanneer ik mijn grote dank hiervoor uitspreek. Ik wens u en uw familie het allerbeste.

Het zijn rare tijden.

De wereld staat op slot door corona. Sinds vier weken moeten wij mijden wat ons tot mens maakt; het sociale contact. Wat wij



van nature graag doen; ontmoeten, aanraken, liefhebben. Het virus maakt slachtoffers en drijft een wig tussen ons.

Het past om iedereen sterkte te wensen die te maken heeft met de gevolgen van het virus. Misschien heeft u een naaste verloren, kunt u niet op bezoek bij uw ouders in het verzorgingstehuis, of de kleinkinderen niet naar pake en beppe. Of misschien bent u bang dat uw bedrijf failliet gaat of is uw baan onzeker... Ik wens u allen sterkte!

Het maken van een brug tussen nu en 75 jaar geleden ligt voor de hand. Het is zelfs al een cliché, de uitdrukking dat we in plaats van tegen de bezetter vechten tegen een andere, onzichtbare, vijand.

Maar we moeten oppassen met vergelijkingen met de oorlog. Vijf jaar lang zuchten onder een wrede bezetter, dat gaat ons voorstellingsvermogen te boven. Ook nu...

Past het om in tijden van corona deze dag te vieren en de vlag uit te hangen? Ik vind van wel! Ook al leven we in een onzekere tijd met rouw.

De oorlog en de bevrijding zijn deel van onze identiteit. Het heeft onze geschiedenis bepaalt; politiek, maatschappelijk en hoe wij tegen het leven aankijken en vrijheid beleven. Het heeft direct en indirect generaties gevormd.

Geen toekomst zonder verleden. Wij kunnen nog altijd leren van de periode 1940 – 1945. Verhalen van toen raken universele waarden en lijken met het verstrijken van de tijd aan kracht en betekenis te winnen. Ook al zijn er steeds minder mensen die het zelf meegemaakt hebben.

Elk jaar komen er weer nieuwe verhalen boven water. En die verhalen geven ons nieuwe betekenis, verdieping en inspiratie. Verhalen maken de gemeenschap tot een gemeenschap. Sommigen beweren dat niet het vuur of het wiel de grootste uitvinding van de mensheid is, maar verhalen. Luister naar verhalen. Hoor ook naar de stem van uw eigen vrijheid. Verhalen zijn sterker dan een virus. Ze houden het ook langer vol...

Het vieren van de bevrijding en het vlaggen is een verhaal dat we elkaar moeten blijven vertellen. Dat doen we natuurlijk op 4 en 5 mei. En ook vandaag.

Op deze dag, 75 jaar geleden, kwamen de vlaggen plotseling overal tevoorschijn. De inwoners hadden ze verstoep want ze waren verboden. Het vlaggen verbindt ons met elkaar, zorgt voor saamhorigheid en geeft troost en hoop.

De offers die in de Tweede Wereldoorlog gebracht zijn mogen en kunnen we niet vergeten...

## **START – YNSTART - LVO**

Daarom hebben onze vijf gedeputeerden van de provincie bij oorlogsmonumenten bloemen neergelegd. De monumenten liggen verspreid over de provincie. Ze zijn uitgekozen door hen omdat ze van persoonlijke betekenis zijn. De Rouwe, mevrouw Poepjes en mevrouw Fokkens, Fokkinga en Hoogland. Ze gingen naar herdenkingsplekken die elk hun eigen verhaal te vertellen hebben...

Laten we samen de bevrijding vieren en tegelijkertijd stilstaan bij de mensen die hun leven gaven voor uw en mijn vrijheid.

Soldaten, mensen van het verzet, onschuldige burgers...

Een van de monumenten is in Appelscha; het eerste Friese dorp dat bevrijd werd. Dat was op 13 april '45 door de Canadezen. Die konden oprukken nadat een paar dagen eerder Franse parachutisten geland waren achter de linies in Ooststellingwerf. De Binnenlandse Strijdkrachten speelden een cruciale rol bij de bevrijding van Fryslân. Na de codeboodschap van Radio Oranje: "De fles is leeg" begonnen ze met sabotage-acties om de Duitsers te hinderen.

Spoorwegen werden opgeblazen, bruggen opengedraaid, bomen omgehaald en wegen geblokkeerd, wegwijzers verwijderd. Bruggen en wegen werden vrijgehouden zodat de

Canadezen vlot door konden. Zo werd eerst het gebied onder de Tjonger bevrijd. Daarna trokken de geallieerden via Heerenveen, Drachten en Dokkum naar Leeuwarden. Onze hoofdstad werd op 15 april bereikt. Even later vielen ook Sneek, Lemmer, Franeker en Harlingen. De eilanden werden pas in mei en juni bevrijd. Schiermonnikoog als laatste stukje Nederland op 11 juni. Dus een maand nadat in hotel De Wereld in Wageningen de capitulatie getekend werd.

Bij de bevrijding van Fryslân vielen 31 slachtoffers aan de kant van de Binnenlandse Strijdkrachten. In verhouding met de rest fan het land een hoog aantal. Dit ontlokte een Canadese bevelhebber destijds de opmerking dat Fryslân eigenlijk zichzelf had bevrijd.

Na '45 was de stelling van de internationale gemeenschap: dit nooit weer. Maar gebleken is dat oorlog van alle tijden is...

In de jaren 90 waren er op de Balkan opnieuw concentratiekampen en was er genocide.

Er is onderdrukking van volkeren. En er bestaan zelfs in gerespecteerde landen concentratiekampen.

In de wereld is er nog steeds fascisme en antisemitisme.

En in het nieuwe Europa ligt er in landen druk op de Europese waarden van de rechtstaat.

Hoezo, geen herhaling?

Is dit het falen van de internationale gemeenschap?

Beste mensen, ik sluit af...

Het zijn rare tijden.

Maar wij vieren in Fryslân vandaag 75 jier frijheid. Een ongekende weelde! We mogen dankbaar zijn dat we leven in zo'n rijk land, en dan ook nog in het geliefde Fryslân

Vanuit persoonlijk perspektief bid en hoop ik dat wij op deze dag ook de bevrijding van onze angsten mogen beleven en dat wij elkaar binnenkort weer fysiek kunnen ontmoeten in Fryslân. De provincie die ons bindt!